

Markus 16,9-20

2 Timoteus 4,1-8

tekst 2 Tim.4,7:"Ik haw de goede striid striden,
de baan út rûn, it leauwen behâlden."

Gemeente fan Jezus Kristus,

Yn gedachten sjoch ik hem sitten: Paulus, opslûten yn de tsjustere gefangenis fan Rome. Yn syn lytse cel kin der sa no en dan wat hin-en-wer rinne, der stiet in âlde tafel en in stoel en wat strie op'e groun. In pear jier ferlyn hienen de militaire n yn Rome him ek al te pakken krigen, mar doe hienen syn oanklagers it net oandoarst om Paulus yn it iepenbier te feroardieljen. Nei twa jier hawwe se Paulus doe wer frij litten, en sadwaande hat hy noch in pear jier fruchtber arbeidzje kinnen yn'e onkriten fan ephese en op Kreta.

Dizze Paulus dy't wegere om de keizer fan Rome te oanbiddan, en dy't om syn eigen leauwen syn libben yn tsjinst fan de God fan Israel set hat, dizze Paulus is op'e nij yn't gefang set.

En yn gedachten sjoch ik him sitten mei in pear fromme-liche stikjes papier en in âld potlead. Hiel fersichtig formuleart hy sy gedachten yn in brief oan syn goeie freon en meiwurker Timoteus. Togearre hawwe se hiel wat ôfreizge en meimakke yn al dy lytste gemeenten yn Asie en Europa. Oeral wer't se kamen moesten se bemiddelje yn geskillen en rûzjes. Oeral moasten se de kristenen oantrúne om de moed net te ferliezen, mar om de striid fol te hâlden. De striid om it leauwen, de striid om de idealen fan it evangeelje wier te meitsjen.

Paulus is tige kritisch op syn eigen wurden. Sa goed en geef as mar mooglik, skriuwt er oer syn gedachten, oer syn fertrouwen yn God en oer sy fêste leauwen yn de genende fan Kristus. Ek yn dizze twadde brief oan Timoteus getúgt Paulus fan syn stânfestich leuawen. mar tusken de rigels troch kinne wy lêze dat Paulus der yn de finzenis fan Rome oerfallen is troch angst; angst foar de dea.

XXII 120

Tusken de rigels fiele je dat Paulus oanfielen komt dat er it dizze kear net rêde sil. Paulus seit: "Oan't no ta hat de Hear my noch bewarre, en my ferlost ut de ferfolchingen dy't ik ferdrage moast, mar no binne swiere tiden oanbrutsen. Do Timoteus moast trochgean yn myn fuotstappen, sa'st dat oant no ta dyn haste. Do bist de man dy't myn wurk trochsette moat, want ik sil net lang mear libje, de Hear sil my opnimme yn syn keninkryk.

Yn gedachten sjoch ik him sitten en weromtinken oan de striid dy't Paulus yn syn libben ~~striede~~ striden hat. In grut part fan syn libben hat dizze apostel dwaande west de kristenen út te roeien, want se bedriigden de macht fan Rome.

En wy libje miskien wol net yn ferdrukking, mar toch kinne wy om ús hinne hieltiid wer sjen dat minsken stride tsjin it kristendom. It leuawen wurdt troch grutte oantallen minsken oan de kânt set, de tsjerke is langer út'e tiid dy kin de doar mar better slúte.

De striid tsjin de kristenen hat yn it libben fan Paulus plak makke foar de striid tsjin de diktatoer fan Rome en tagelyk in striid foar it keninkryk fan God. Dy striid dy't Jezus sels mei de dea útfacht. De striid dy't ek Paulus úteinlik ta de dea brocht hat.

Dy striid om it keninkryk fan God, dy herkenne wy werom. Want om dy striid binne wy as gemeente byinoar, om dy striid doarre wy ússels kristen te neamen.

In minske libben bestiet foar in grut part út striid. Dat begjint al goed as je tusken de 15 en 25 jier âld binne. Yn dy leeftiid, as je noch jong en veerkreftich binne, by de jongerein sjoche wy in ~~moede~~ drege striid tsjin de frustraasjes, tsjin de wanhoop dy't jonge minsken sa faak ferstikt, striid tsjin al dy ferskillende gefoelens dy't in dy opwelle en dy't in útwei sykje. Gefoelens dy't te krijen hawwe mei nije relaasjes, en mei ûnsekerheden yn it leuawen. It fertrouwen yn God kin dy net meijoun wurde troch dyn âlden, dat fertrouwen moast sels sykje en dat is in striid.

Mar ek de minsken dy'tal wat âlder binne, dy't al settele binne sa't dat dan hjit, ek dy minsken hawwe harren eigen striid tsjin de teloarstellingen fan it libben, striid tsjin tiden fan sykte, striid tsjin pyne dy't in minskelib ben ferwoeste kin, striid ek om de idealen fan it ewangeelje net út it each te ferliezen.

By de alderâldsten yn ús fermidden sjoche wy dat minsken confronteart wurde my de striid tsjin de dea, mar derneist ek mei striid tsjin de iensumheit, striid tsjin de gebrêkkichheden fan it âlderwurden. Mar foaral it striden tsjin de deade-angst is hurd en pynlik.

En dan haw ik it noch net iens oer de striid fan minsken dy't sawiesa al tobekset binne troch in handicap of troch harren maatskiplikke situaasje, of tebekset ~~trôch~~ omdat se ferfolcht wurde of discriminaart. Faaks giet it hjir om in stille striid, om stillepyne, minsken fjochtsje yn de beskerming fan harren eigen libben, om te oerlibjen.

It libben is in striid, seit in sprekward en sa is it krekt.

Al dizze striid dy't minsken stride hat Paulus op it each at hy seit: "Ik haw de goede striid striden". Want Paulus ~~hat~~ hat each foar ús striid en net allinich foar syn eigen. Paulus hat ek ús leien en earmoede op it each, at hy seit: "Ik haw de goede striid striden."

Paulus bedoelt net allinich mar de striid om it leauwen, mar ek al dy lytse gevechten dy't wy fjochtsje. Al ús ûnsekerheit en al ús frustraasjes en al ús wanhoop lêze wy yn dat iene wurd 'striid'.

No dat is mar mooi, sille jimme wol tinke, dat Paulus ek ús bedoelt, dat is mar mooi dat Paulus om ús tinkt. Mar wat betsut dat dan foar my, dizze wurden fan Paulus?

Ien ding moatte wy dan foar eagen hâlde. Hiletiid as wy dwaande binne mei de bibel moatte wy ús betinke dat wat wy lêze, te krijen hat mei hoe't minsken libbe hawwe troch de iuwen hinne. De bibel is skriuwn fanút it libben fan minsken en fanút de bemoeienis fan God mei dat libben.

Mar dan moatte wy ús ek realiseere ~~te~~ ^{foar} dat foar ús it omgekearde jilt. De wize werop wy lêze, moat ek de wize wêze werop at wy libje. Dat meie wy net los fan mekoar sjen. At wy net libje neffens wy lêze, dan krije wy de frijheit om mar mei losse bibelversen om ús hinne te slingerjen en om sadwaande misbrûk te meitsjen fan it boadskip fan God. ús leefwize moat oerienkomme mei ús lêswize.

Sa klinkt dus ~~after~~ ^{addys} de wurden fan Paulus syn hiele libben mei. En at wy syn wurden yn ús opnimme dan moat dat werom te finnen wêze yn ús libben, yn de wize werop at wy me/mekoar omgiene. At dat net sa is, dan steane wy los fan it evangeelje, dan steane wy los fan God.

En dan lit ik noch inkear de wurden klinke dy't Jezus sein hat tsjin syn learlingen: Ferkundichje alle skepsels it bliid boadskip. Dat meie wy allegeare hiel letterlik nimme. Oan wa 't it mar heare wol sizze wa't God foar my betsjut, sizze wat God yn myn libben dien hat en wat er neilitten hat, Dat is ferkundiging fan it evangeelje.

En ik lit ek noch in kear dy wurden fan Paulus klinke: Ik haw de goede striid striden, de baan út rûn, it leauwen behâlden.

It binne dizze wurden dy't ús omheech tille kinne út de finzenis fan ús libben, safse Paulus omheech tilt hawwe út de finzenis fan de romeinen. Mei in wisse dea foar eachen seit Paulus: Ik haw it leauwen behâlden" En dat hâld him oerein.

Dy wurden kinne ek ús ~~der~~ ^{sa} in hâlde of oerein helpe. Mar dat is net makke^{lik}, om te sizzen, dat je it leauwen behâlden hawwe, terwyl je it leauwen yn ~~dat~~ ^{minskdom} it minskdom kwyf binne.

Mar wy meie noait ferjitte dat leauwen net iets is wat wy allinich dogge, Der is God sels ek foar needich. Dat is ek de betsjutting fan Paulus syn wurden. Alles wat hy dien hat hat er dien mei God sels, dy't him fest en oerein hâld.

[^]Alde minsken/yn ús fermidden/ hoege net bang te wêzen
foar de dea, want ~~net~~ ^{siel} ~~sil~~ God harren allinich litte yn
harren stjerren.

Al dy minsken dy't stride om oerein te bliuwen yn dit
libben, al dy minsken dy't tebekset binne, meie der wis fan
wêze dat God meidocht yn harren striid.

Al dy jonge minsken dy't fjochtsje tsjin dy oerfloed fan
gefoelens en al dy únwissichheden fan it libben, al dy
jongerein dy't gjin fertrouwen hat yn 'e takomst, al dy
jonge minsken dy't net mear libje wolle, allegeare meie
se wis wêze dat God harren net los lit, ek al lit de hiele
wrâld harren falle.

Dat is maklik sein, mar net sa maklik te leauwen.
Jezus sels hat ús sjen litten dat ús striid net omneat is.
Mei syn striid hat er ús it wiere gesicht fan God sjen litten
En yn de striid oan it krús sjogge wy de striid fan God.
Wat bliuwt in minske oer at ek dy God ús allinich litte soe?
Wat bliuwt ús oer, at wy dy God loslitte?
Wat bliuwt ús oer at wy it allinich dwaan wolle yn dit libben?

Der bliuwt ús neat oars oer, as mei hert en siel de goede
striid te striden, mei God sels de baan út te rinnen en
troch alle twivels hinne it leauwen te befhalden. (~~ús libben~~
~~rint krekt as dat fan Paulus út op 'e dea~~)

Wat it betsjut om yn de finzenis te sitten en letterlik
en figuurlik allinich te wezen haw ik net sa lang lyn leart
fan in man, dy't my fertelde dat er yn syn jonge jieren yn
it gefang moast, om dubieuze redenen. Mar hy moast. En hy
waard nei it gefangeniscomplex brocht. En foardat hy opslúten
waan frege de ^{cipier} ~~bevakker~~ him: "Wolle jo noch wat hawwe, kin ik
jo noch wat bringe". Op datselde momint seech dizze man
boppe de doar fan syn lytse cel in krús hingjen. En hy sei)
"Bring my in bibel." En hy krige in bibel en de doar gong
achter him ticht, mar sei de man: Doe wie ik net mear allinich,
want Jezus wie foar ~~mi~~ ^{us} my de ferbining mei de wrâld búten.

Hoe't ek de finzenis fan jo libben is: Jezus is en bliuwt
de ferbining mei de wrâld en tagelyk de ferbining mei God.
Dieselde man, dy't my fertelde fan syn gefangenskip)
Yn al ús striid hâld dizze selde God ús fest, dat is wis. AME